

Preek fan ds. L.H. Westra oer de striid tsjin it kwea yn in nachtmielstsjinst

Gemeente fan 'e Hear,

In protte minsken fiele har bedrige troch de aktualiteit. Ik leau, net iens sa bot troch de flechtlingen, as wol de menier sa't de steat - of Europa - dêrmei omgiet. Ik bin der wis fan, as wy hjir twa of trije húshâldingen plak jaan moasten, dan wie dat yn in wike klear, en praten se nei in jier Frysk en Hollânsk. En in putsje hiene wy ek noch wol foar se. Mar dy grutte massa's, dat gesleep mei minsken, de twongene isolaasje en it neatdwaan - dat is fansels freegjen om swierrichheden.

En dan komme no ek de ferhalen, dat by dy flechtlingen sis mar de spionnen en foarútskode posten sitte fan in yslamityske steat dy't ús maatskippij oernimme wol. Guon roppe al: 10% fan dy flechtlingen binne eins IS-soldaten! Sels al soe dat sa wêze - dan is dat ien op 'e 10.000. Ien soldaat foar hiel Boalsert, en ien foar Frjentsjer, oardel foar Harns, trije foar Snits. En dan in pear foar de bûtengebieten. Ien foar alle 27 doarpen fan Littenseradiel, en foar it âlde Wûnseradiel ek ien. Wêr binne wy bang fan?

Mar dat is presys de opset. Want ik wol it net bagatellisearje: ik leau yndied dat der op dit momint breinen yn it Midden-Easten binne, dy't graach de hiele Europeeske beskaving en it hert fan it kristendom ferneatigje wolle. It is werklik in terreurbeweging, en dy meie wy wol serieus nimme. Mar dan moatte wy ek goed begripe wat har weapon is. Har weapon is net geweld, gjin oermacht, gjin geheim plan. Har weapon is eangst. Alle berjochten dy't dêrwei komme hawwe mar ien doel: om ús bang te meitsjen. Dat docht elke terreurgroep. Earst minsken bang meitsje. En dan sjen, dat jo se safier krije dat se jins sin dogge.

Ik tink, dat it tiid wurdt dat de tsjerken yn Europa konkreet wat dogge tsjin dizze driging. Net tsjin it geweld, net tsjin de flechtlingen, net tsjin de oermacht - dy is der net. Tsjin de eangst. Want dat is op dit stuit it grutste gefaar. Der is in fijân, en dy besiket ús mei eangst tsjin 'e grûn te krijen. Mar wy hawwe net allinnich in fijân, wy hawwe ek in freon, in beskermer, in rêder. En dat is Jezus. Dat is it geloof konkreet: wy hawwe in freon, en dy is machtiger as al ús fijannen meiinoar. En de iennichste fraach oan ús is, hoe't wy dat wer boppe wetter krije, dat wy wer útfine hoe't dat wurket. Want Jezus hat ûntelbere minsken rêden fan de slimste fijannen. Hoe docht Er dat?

It antwurd is: troch by ús te wêzen. Sjoch, Ik bin by jim, oan 'e ein fan ierde en tiden ta. En dy oanwêzichheid, dat by ús wêzen, dat lit Hy sjen yn 'e foarm fan it Nachtmiel, ek sa't wy dat hjoed fiere. En eins is dat Nachtmiel in konkretisearring, in útkristallisearjen op ien momint, op ien plak, fan in oanwêzichheid oeral en altyd. En dy oanwêzichheid kinne wy fine yn it gebed. It Nachtmiel is in útwurking fan it gebed. It makket it gebed sichtber, it jout ús wat yn hannen. It lit ús sjen wat wy bidde, en it lit ús sjen wat wy krije.

Wat moatte wy bidde? Dat hawwe de learlingen ek al ris frege, en Jezus hat har ek it antwurd jûn. It is it gebed dat alle kearen dat wy byinoar komme klinkt, yn it bysûnder it gebed by de tafel. En eins steane yn dat gebed mar trije fragen. It begjin en de ein binne gjin fragen, dat is in utering fan it betrouwen dat God it lêste wurd hat en fan de wil om by dat Wurd te skûljen. It is net: Och Hear, soene jo asjeblúft jo Keninkryk in kear komme wolle. Nee, it is: Hear, JO Keninkryk moat komme, en net al dy oaren. En oan 'e ein: JO binne ús kening, net ien oars.

Mar dêrtuskenyn steane de fragen. It binne de fragen om brea, om ferjouwing en om beskerming. De fraach om brea is de fraach om krêft. Brea is net in stikje bôle, brea is alles dêr't wy fan libje. Jezus seit: Dêr meisto God om bidde - foar ien dei! Bidde om krêft foar ien dei is it antwurd op 'e grutte fragen en drigings fan dizze tiid. It giet net om in tiidrak, in ieu, in minskeleeftyd. It giet om ien dei. Yn de krêft foar dy iene dei is God by ús. God wol ús ôfleare de hiele wrâld en trije ginneraasjes behearskje te wollen. Dan binne wy yn wêzen neat better as de grutmachten fan dizze ierde, en dan fine wy Him net. As wy de moed hawwe om as minsken net fierder te sjen as ien dei - dan krijt Jezus de kâns om tichtby te kommen. En dan sille wy fernimme, dat Hy werklik by ús is.

Dan de fraach om ferjouwing. Dy hat gâns minsken holbrekkens en skuldgefoelens jûn. Hawwe wy werklik elk ferjûn dy't ús wat skuldich is? It hat minsken by dizze tafel weiholden, minsken eangstich makke. En de bedoeling fan it gebed is presys oarsom. Dus dan dogge jo wat ferkeard. Hoe moat it dan? Meitsje ek dit gebed konkreet. Dit gebed waard bidden troch in groepke learlingen fan Jezus, byinoar om 'e tafel yn ien keamer, sa't wy hjir no sitte. Dy minsken bidde dizze wurden. Foar dy minsken jildt it ek, en foar dat iene momint. Want jo kinne ien net ferjaan, as der wat te ferjaan is, wannear't dy net by jin is, as der gjin each- en hânkontakt is, en noch better de earms eefkes om elkoar hinne. Dus as wy bidde 'Ferjou ús ús skulden sa't ek wy elk ferjûn hawwe dy't ús wat skuldich is,' dan giet it om dizze mienskip. Sa't wy hjir sitte binne wy frij fan skuld nei elkoar ta. Drage wy elkoar neat mear nei, as wy dield hawwe yn 'e genede fan Jezus. Sa wurde wy frij en geastlik sterk, sa krijt de eangst in stik minder fet op ús. Want eangst begjint dermei, dat wy tinke dat dy oare rjocht op in stikje fan ús libben hat en dat meskien wol mei geweld fan ús ôfnimme sil. Nee - wy binne frij nei elkoar ta. En elk dy't mient dat hy of sy wat fan ús moat, dy is wolkom yn dizze romte. Net it geweld en de eangst, mar de leafde en it ferjaan, it kontakt en de mienskip meie de ferhâlding beskiede nei de minsken ta om ús hinne. En elk dy't wat fan ús wol of moat, is hjir wolkom. Hjir prate wy meiinoar, op dizze manier, hieltyd wer. Ferjouwing is hieltyd wer nedich, net ien kear meskien in kear op it stjerbêd as it net oars kin - alle dagen, krekt as brea. Wat mear as wy dat oefenje, wat minder oft gewearen, geweld en terreur fet op ús hawwe.

En dan de fraach om ferlossing. Dy fraach nimt serieus, dat der machten yn dizze wrâld binne dy't werklik ferkeard wolle, en dêr't wy net tsjinop kinne. Sa't wy no ek it gefoel hawwe dat der dingen geande binne dy't ús oer de holle waakse. Ek foar dizze fraach jildt: it is in fraach dy't wy alle dagen stelle meie. It gebed is net ien kear foar ivich, it gebed is minsklik, alle dagen op 'en nij hawwe wy dizze dingen nedich, alle dagen op 'en nij meie wy derfoar bidde - en hjoed hoege wy ús gjin soargen te meitsjen om moarn. Heare Jezus, bring ús net op plakken dêr't wy it net oprêde. En as de macht fan it kweade oer ús komt, rêd ús dan. Ferslaan it kwea, en bewarje jo bern. En is dat net, wat Jezus al dien hat? Wat de reden is dat syn lichem brutsen is en syn bloed útstoart? En as Hy dat ien kear dien hat mei it alderslimste kwea de aldergrutste tsjinstanner, soe Hy ús dan ien dei allinnich litte yn 'e macht fan it ferkearde om ús hinne?

Gemeente, dizze tafel lit sjen wêr't it om giet mei it gebed. En it gebed krije wy alle dagen om te oerlibjen yn dizze wrâld. Ik leau, dat wy dêrmei as tsjerken yn 'e maatskippij fan hjoeddedei foar it ljocht komme moatte. Dat wy de striid tsjin it kwea fan dizze wrâld serieus nimme. Mar dat de foarm fan 'e striid dy fan it gebed wêze moat. Elke dei krêft foar hjoed. Sa't wy by elkoar sitte elkoar ferjaan, frij meitsje fan wêr't wy elkoar en ússels lyts mei meitsje. En Jezus freegje om syn rêding, dêr't wy fan witte hoe sterk oft dy is.

Ik leau hillich, dat dat helpt.

Amen.